

Oangeande extensivearing bedriuwen bij ferheging wetterpeilen, besjoen út it perspektyf fan de biologyske lânbou.

Reden: it net belûken fan de biologyske lânbou bij it opstellen fan de plannen.

Hjirbij de sjochwize fan de Feriening Biologyske Boeren Fryslân (FBBF)

De FBBF fertsjinwurdicht 80 biologyske boeren yn Fryslân en is ien fan de 7 lânboupartijen dy't meinoar in sjochwize yntsjinne hawwe. De FBBF stipet dizze sjochwize folslein. Dochs wolle wij inkele punten extra oanstippe.

Yn it plan wurdt oantrune op extensivearing fan de feeferhâlderij, omdat mei it wieter meitsjen fan it lân de opbringst sakket. In biologyske boer hat de extensivearing al trochmakke. Hij hat syn bedriuw sa ynrjochte dat it lân it allinne mar dwaan moat mei de dong fan de kij, sadwaande sit er dan al op mear ha's de ko. As troch peilferheging it lân minder produktyf wurdt soe sa'n bedriuw noch mear lân ha moatte. It is net wis dat it gers kwalitatyf like goed bliuwt en ek it (dei en nacht) weidzjen kin minder maklik wurde, troch sloppere seadde. Al mei al komme der mear kosten, dy't net mear út in hegere molkpriis helle wurde kin.

Der binne wol biologyske bedriuwen, dy't buorkje op lân dat hegere wetterstannen hat, oant sels yn it extreme. Mar dizze binne it avontoer oangien mei kontrakten dy't rekken hâlde mei de omstannichheden. Yn sokke gefallen is der al in ôfwurdearring fan it lân west. It finansjele plaatsje is hjir dan ek op rjochte en op basis dêrfan binne der ek lieningen bij in bank ôfsletten. Dit kin men net fergelykje mei in bedriuw dat buorket mei goed produsearend lân, dat extensiveare moat. Dit komt yn'e knoei omdat der ferplichtings mei de bank binne. Ek is it dan net dúdlik hoe oft in eventuele eigner dan mei de hierpriis omgiet.

Al mei al is it spitich dat mei it opstellen fan dit feangreideprogramma net nei de biologyske sektor omsjoen is (wylst de FBBF geregeld oerlis hat op provinsjehûs).As gjinien oars tinkt in biologysk boer altiid yn oplossings en past him mei de oanfok fan fee en it ynrjochtsjen fan syn bedriuw oan oan de natoerlike omstannichheden. Wij pleitsje dan der ek foar dat yn de fierdere útfiering fan it feangreideprogramma goed sjoen wurdt nei elk bedriuw apart, maatwurk dus.Dêrom is it neffens ús logysk dat der yn de noch yn te stellen gebiedskommisjes yn elk in biologyske boer komt te sitten.

Út namme fan de FBBF,

Johannes Kooistra

Pypsterbuorren 14

9031 XH Boksum

tlf. 0582551292 email: familie.kooistra@live.nl

